



## Jierferslach 2022



*Nei ôfrin fan it Ynterfrysk symposium bringe de dielnimmers in besite oan de Bonifatius Kapel yn Dokkum*

## Ynhâld

	side
1. Ynlieding	3
2. Foaropwurd fan 'e waarnimmend foarsitter	4
3. Doelstellings en maatskiplike ynbêding	5
4. Produktferslach	6
a. Aktiviteite-aginda, mei û.o. ferslach fan it Ynterfrysk Kongres en it Friesendroopen	6
b. Reguliere útwiksels, frouljusmoeting	20
c. Gearwurking	24
EBLT, FYK, Ried fan de Fryske Beweging, Provinsje Fryslân, DING-tiid	
d. Dielname oan (ynter-)Fryske aktiviteiten	25
Sitzung des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe, septimber	26
Europäische Strasse der Friesen	26
e. Webstek en publisiteit	26
5. Organisaasje	
a. It bestjoer, roaster fan ôfgean	27
b. Gearkomsten	28
6. De Ynterfryske Rie	29
7. Jierrekken 2022	30

Taheakke 1: Produktplan 2022

## 1. Ynlieding

Foar jo lizze de jierstikken fan de *Fryske Rie* oer it jier 2022, besteande út in ferslach fan de aktiviteiten en de jierrekken oer 2022, mei de steat fan baten en lêsten en de balâns fan 31 desimber 2022.

Yn 2022 hawwe wy wurke oan de doelen út it karbrief lykas neamd yn haadstik 3.

Persoanlik bin ik al in tal jierren ferbûn oan de Fryske Rie, foar my wie yn 2022 opfallend dat we suver noch nea safolle út 'e wei set hawwe. Derfoar soargje dat we yn maaie mei in moaie ploech nei it trijejierrige Friesendroapen op Hilgelân giene. En der wie in primeur, we koene de Fryske bioskoopfilm *Stjer* sjen litte, dy't foar rekken fan de Fryske Rie ûndertitele waard yn 't Dútsk. Doe folge yn septimber de twajierlikse Ynterfryske frouljusmoeting yn ús Fryslân, it programma spile him benammen ôf yn Tytsjersteradiel en Opsterlân, en ta beslút, ek yn septimber, it grut opsette Ynterfrysk Kongres, dat 10 jier lyn foar it lêst yn ús Fryslân holden waard.

De frouljusmoeting is op 't heden de iennichste noch aktive ynter-Fryske moeting. De frouljusmoeting is eartiids út 'ûnfrede' ûntstien, sa kinne wy yn de LC fan 27 juli 1984 lêze, want der wie al in moeting foar boeren, studinten en gemeentebestjoerders.

Der binne alwer plannen makke foar in frouljusmoeting yn 2024 – 40 jier letter - diz' kear yn wer East-Fryslân. Ik sis it efkes yn 't Ingelsk: 'You go girls!'

Wy binne tankber dat de realisaasje fan ús aktiviteiten (mei) mooglik makke binnen troch in finansje bydragen van de provinsje Fryslân.

Ljouwert, 28 jannewaris 2023

Ut namme fan de Fryske Rie,

*Saapke Miedema,*  
sekretaris



### Frouljusmoeting fan Fryske Rie yn Eastfryslân

LJOUWERT - De Fryske Rie is fan doel dit jier fan 4 oant 6 septimber in moeting op tou te setten fan froulju út de trije Fryslânen. De moeting sil plak hawwe yn Eastfryslân yn de plakken Weener, Leer en Wiesmoor. Doel is dat it kader fan allerhanne frouljusorganisaasjes út de trije Fryslânen inoar dan moetet. Ut us Fryslân wei sil in delegaasje fan tolve froulju, allegearre lid fan de Iederie fan de Provinsiale Frouljusrie, nei Eastfryslân ta. It is de earste kear dat der in moeting foar froulju hâlden wurde sil. Dy foar boeren, studinten en gemeentebestjoerders besteane al langer.

De dielnimmers oan de moeting sille yn Eastfryslân ûnderbrocht wurde by gastfamyljes. Op it program stiet njonken de nedige tiid foar it meinoar yn 'e kunde kommen en praten, in besite oan it streckmuseum yn Weener, it feangebiet fan Rhaderfehn, de âlde binnenstêd fan Leer en de gemeente Wiesmoor.

LC 27 july 1984

## 2. Foaropwurd fan 'e waarnimmend foarsitter

Werom nei it 'Normaal'

It wurdt sa treflik sein yn it liet fan Piter Wilkens: "De ein fan eltse reis is it paad werom". Dat hawwe wy yn 2022 ek meimakke, dat wy oan de ein fan de beheining fan koroana kamen en wer oan 'e slach koene mei de doelstellings fan de Fryske Rie: it ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer en it oparbeidzjen tusken de minsken, de oare Friezen en de oare folken. Dêrfoar is it nedich datst elkoar as persoanen treffe kinst en dan net inkeld efter in fideoskerm...!



Dus as bestjoer koene we wer 'fysyk' gearkomme, it Friesen-droapen op Hilgelân koe wer barre, de ynternasjonale frouljusmoeting koe wer hâlden wurde en lang om let koe it Ynterfrysk Kongres - as ôfsluting fan it trijejierrich foarsitterskip fan de Ynterfryske Rie - yn Dokkum hâlden wurde. Net inkeld de Dútske Fryslânnen, Noard-Fryslân, East-Fryslân en Sealterlân, mar ek it Noard-Hollânske 'Westfriesland' naam diel oan it folsleine programma fan us treflik Ynterfrysk Kongres mei as tema 'De ferbinende ekonomy fan de Fryslannen troch de iuwen hinne'. Dêroer mear yn dit jierferslach en op us webstek [fryskerie.fr](http://fryskerie.fr)

Bestjoerlik is de Fryske Rie ek wer op oarder. Nei dat foarsitter Pytsje de Graaf spitigernôch troch sykte útfalle moast, is it bestjoer der yn slagge Jan Dijkstra fan Hitsum ree te finen om de hammer oer te nimmen. Jan is wethâlder foar û.o. taal, kultuer en lânbou yn de gemeente Waadhoeke en kin mei dy eftergrûn it wurk en de doelstellings fan de Fryske Rie fierder bringe.

As waarnimmend foarsitter oant oktober 2022 giet myn tank út nei alle bestjoersleden en yn it bysûnder nei de minsken dy't ús ynternasjonale kontakten organisearre hawwe: skriuwer Saapke Miedema, ynter-Fryske skriuwer Froukje de Jong-Krap, Akkie Lindeboom (Frouljusmoeting) en Han Nijdam (Ynterfryske Kongres).

Teun de Jong



Ynterfrysk Kongres, IJsherberg, Dokkum sept.'22

### 3. Doelstellings en maatskiplike ynbêding

*It doel fan de Fryske Rie (oerset út it karbrief):*

- it ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede betsjutting, mei help fan ynternasjonale kontakten en troch it skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje;
- oare Europeeske regio's yn de kunde te bringen mei de Fryske kultuer en it meiwurkjen oan it presintearjen fan de kultuer fan oare Europeeske regio's yn de eigen provinsje;
- it stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa troch it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's;
- it befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken;
- benammen it befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.

*De gearstalling (ek oerset út it karbrief):* |

It bestjoer fan de stifting bestiet op syn minsten út fiif en op syn heechst út fyftjin persoanen, dy't, as it kin, foardroegen wurde troch de neifolgjende organisaasjes of harren rjochtsopfolgers:

- ien troch de organisearre lânbou;
- ien troch de Fryske frouljusorganisaasjes;
- ien troch de Fryske Akademy;
- ien troch de Feriening fan Fryske Gemeenten;
- ien út of foar de Fryske jongerein;
- ien út of foar it ûnderwiis yn Fryslân;
- ien út it Frysk tsjerklik fermidden;
- ien út it Fryske bedriuwslibben;
- ien út de Fryske sportwrâld.

Dêrneist kinne ek oaren dy't in positive ynbring hawwe kinne by it realisearjen fan de doelen, streekrjocht beneamd wurde troch it bestjoer fan de Fryske Rie. Neist bestjoersleden kinne der minsken oanwiisd wurde as dielnimmer.

By de gearstalling fan it bestjoer wurdt stribbe nei in brede fertsjintwurdiging fan de Fryske befolking.

## 4. Produktferslach

- a. Aktiviteite-aginda
- b. Reguliere útwiksels
- c. Gearwurking
- d. Dielname oan (ynter-)Fryske aktiviteiten
- e. Webstek en publisiteit

### a. Aktiviteite-aginda

De (Ynter)fryske Rie hat in aktiviteite-aginda, dy't yn 'e regel foar in tal ûnderwerpen jierren yn 't foar fêststeld wurdt. Der binne tradisjoneel ferskate soarten reguliere aktiviteiten:

- ❖ It Ynterfrysk Kongres, dat fan 1925 ôf plakfint en sûnt de jierren fyftich om 'e trije jier holden wurdt, ôfwikseljend yn ien fan de Fryslannen.

Eltse presidintsperiode fan trije jier wurdt ôfsletten my in Ynterfrysk Kongres. Dat soe dan oan de ein fan it foarsitterskip fan de Fryske Rie yn juny 2021 plakfine. Spitigernôch moast begjin 2021 it beslút nommen wurde om it kongres fanwegen de ûnwisse sitewaasje mei COVID-19 te ferskoven nei septimber 2022. Wol is yn juny it foarsitterskip oergongen nei Nordfriesland. It Ynterfrysk Kongres hat yn septimber 2022 plakfûn yn Dokkum mei de Fryske Rie as deipresidint.

Al yn 2020 is útein set mei de tariedings foar it kongres. Yn 2022 wiene Han Nijdam en Froukje de Jong-Krap noch oer fan de oarspronklike wurkgroep. Sy ha foar it grutste part it kongres dan ek organisearre.



*Froukje de Jong-Krap*



*Han Nijdam*

## Slagge Ynterfrysk Kongres

Yn haadsaak bestie it Ynterfrysk Kongres út it op sneon 17 septimber 202 organisearre symposium. Dat luts sa'n 75 dielnimmers nei Dokkum. De belangstellenden wiene fertsjintwurdigers fan ferskate organisaasjes, polityk of eigen ynteresse, en ôfkomstich út ien fan 'e Fryslannen. It tema wie 'De ferbinende ekonomy fan de Fryslannen troch de iuwen hinne' en wie ûnderferdield yn ferskate tematske ynliedings. Der wiene flink wat fragen en diskusjes mei de ferskate ynlieders, wêrtroch't faak noch wat djipper op it ûnderwerp yngien waard. Konklúzjes dy't lutsen wurde kinne, is dat it begryp ekonomy op ferskate wizen útlein wurde kin. It besit is net altyd de iennichste omskriuwing fan it wurd en it yn besit hawwen ek net it bêste paad foar feroarings.

De sprekkers, harren ûnderwerpen, en de taal dêr't de lêzing yn wie, wiene:

- Ynterim-foarsitter fan de Fryske Rie, deipresidint Ynterfryske Rie, Teun de Jong
- Boargemaster gemeente Noardeast-Fryslân, Johannes Kramer
- Frije Friezen en harren Kapitaal: in histoarysk oersjoch troch Nelleke IJssennagger en Han Nijdam, Fryske Akademy (FR)
- De takomst fan de lânbou yn de Fryslannen troch Pieter van der Valk, Universiteit Wageningen (FR)



*Pieter van der Valk*

- Yndustry / Enerzjy: Geotermijprojekt Boalsert troch Ynze Salverda (FR)



*Ynze Salverda*

- Hoe't weardefol toerisme en rekreaasje in nije grûnslach wurde foar in leefbere regio troch Martin Clossen, Merk Fryslân (NL)



*Martin Clossen*



- Yn it ferline kinne jo net libje: skiednis, hjoeddeistige sitewaasje en foarútsichten fan de ynterfryske kontakten troch Otto Knottnerus (D)



*Otto Knottnerus*

- Wiere Winst: brede wolfeart yn Fryslân troch Jacqueline Hofstede, Ynova, Taeke Tuinstra, NHL Stenden (NL)



*Jacqueline Hofstede en Taeke Tuinstra*

Wilens it kongres makke de Fryske Rie har nije foarsitter bekend, mei yngong fan septimber 2022 nimt Jan Dijkstra it stokje oer fan plakferfangend foarsitter Teun de Jong. Dijkstra komt fan Hitsum en is wethâlder yn gemeente Waadhoeke.



*Waarmimmend foarsitter Teun de Jong en nije foarsitter Jan Dijkstra*

Nei ôfrin fan it symposium hawwe de measte besikers noch in rûnlieding hân yn de Bonifatiuskapel (foto side 1), mei in prachtich ferhaal oer de kapel en de koartlyn hillich ferklearre Titus Brandsma folge troch in koarte tsjinst laat troch Liuwe Westra en, hiel

bysonder, sawol yn it Frysk, it Noardfrysk en Sealterfrysk.



Ta beslút wie der noch in treflik jûnsmiel yn restaurant De Ijsberberg, dêr't noch alle tiid wie foar moeting en petear. De organisaasje sjocht werom op in tige slagge dei.

Krekt yn 2030 sil wer in Ynterfrysk Kongres plakfine yn 'ús' Fryslân. It earstkommende folget yn 2024 yn Nordfriesland, Dútslân.

Op it webstek [www.fryskerie.frl](http://www.fryskerie.frl) is de kongresútjefte werom te finen (yn fjouwer talen), lykas de ynliedings fan de sprekkers en in fotoreportaazje fan de dei.

Hjirnei it ferslach dat ien fan de dielnimmers, Henk Wolf - earder sekretaris fan de Fryske Rie (2000-2004) – yn 't Dútsk skreau oer it sympoasium. It ferslach is ferskynd op [www.seeltersk.de](http://www.seeltersk.de)

Interfriesischer Kongress zieht siebzig Teilnehmer



*Bürgermeister Johannes Kramer eröffnet den interfriesischen Kongress in Dokkum (Bild: Onno Falkena)*

**NACHRICHTEN**

## INTERFRIESISCHER KONGRESS ZIEHT SIEBZIG TEILNEHMER

Der interfriesische Kongress in Dokkum zog vergangenen Sonnabend siebzig Teilnehmer aus allen friesischen Gebieten, darunter das Saterland. Das dreijährige Treffen wird abwechselnd von den drei Sektionen des Friesenrates organisiert, mußte jedoch wegen der Coronakrise letztes Jahr auf dieses Jahr verschoben werden.

Thema war dieses Mal die gemeinsame Wirtschaft des friesischen Gebiets. Es wurden Themen aus der ganzen Geschichte angesprochen: Han Nijdam von der Fryske Akademy erzählte, wie die spätmittelalterlichen Friesen für unterschiedliche Ziele verschiedene Währungen hatten: Für Bußgelder, Geschenke und den eigenen Lebensunterhalt existieren eigene Zahlssysteme.

Pieter van der Valk, Forscher bei der landwirtschaftlichen Hochschule in Wageningen und außerdem Landwirt, machte den Sprung in die Gegenwart und erklärte, wie bessere Zusammenarbeit zwischen Stadt und Land eine dauerhafte und umweltschonende Landwirtschaft sichern kann, zum Beispiel indem statt Kunstdünger oder Kuhmist menschliche Fäkalien zu Dünger verarbeitet werden.

Ynze Salverda stellte eine Bürgerinitiative vor, bei der Ehrenamtliche mit Unterstützung der Provinz Verwaltung eine Geothermie-Anlage für die Heizung der Stadt Bolsward/Boalsert realisieren.

Martin Cnossen von der westfriesischen Turistik erklärte, wie die friesische Kultur, Sprache und Geschichte für den Kulturtourismus eingesetzt werden können. Friesland lebt vom Tourismus, möchte jedoch nicht jede Art von Touristen haben und gerade der geliebte Kulturtourist, der sich von der Eigenart der Region angezogen fühlt, sorgt für Arbeitsplätze ohne die Ruhe zu zerstören. Auch für das Saterland bietet diese Sicht auf Tourismus neue Chancen.

Der Philosoph Otto Knottnerus warnte vor mythischen Vorstellungen und Verherrlichung der friesischen Vergangenheit und plädierte für eine zeitgemäße und auf die Zukunft gerichtete interfriesische Zusammenarbeit.

Jacqueline Hofstra von Ynova und Teake Tuinstra von der NHL-Stenden-Hochschule stellten schließlich Projekte vor, die Betriebe und Berufsausbildungen auf eine dauerhafte und umweltschonende wirtschaftliche Umwandlung vorbereiten. Sie sagte, dass diese Art von Projekten gerade in Friesland sehr gut Fuß fassen, da das große friesische Zugehörigkeitsgefühl ("Mienskip") schnell eine breite Basis unter der Bevölkerung schaffen.

Der Pastor Liuwe Westra schließt das Programm mit einem interfriesischen Gottesdienst in den Sprachen Westfriesisch, Nordfriesisch, Saterfriesisch, Niederländisch und Deutsch ab. Die meisten Sprachen meisterte der Pastor selbst, aber die Schriftlesung auf Saterfriesisch wurde von Henk Wolf übernommen. Er las ein Stück aus der Bibelübersetzung von Dr. Marron C. Fort.

Der Kongress konnte dieses Jahr mit zwei anderen Veranstaltungen verbunden werden: an den Vortagen fanden die wissenschaftliche *Conference on Frisian Humanities* der Fryske Akademy und das interfriesische Frauentreffen vom Friesenrat statt. Die Teilnehmer konnten dadurch zwei Veranstaltungen miteinander kombinieren.

- ❖ It 'Friesen-droapen' (earder de 'Sternfahrt der Friesen') op Hilgelân, in kultureel evenemint om 'e trije jier, mei artysten út alle Fryslannen. Dat barren fan Westerlauwerske en Noard- en East-Friezen is en wurdt holden foar in breed publyk út de trije Fryslannen. Yn 2022 wie it Friesen-droapen fan 20 oant en mei 22 maaie. De organisaasje wie diz' kear yn hannen fan Seksje Noard.



## Programma FRIESENDROAPEN 2022 (Hilgelân)

### Freed 20 maaie

Westerlauwerske Friezen geane moarns betiid mei de bus – of eigen ferfier – fan Ljouwert nei Cuxhaven. Opstap plakken Ljouwert (lokaasje P&R Camminghaburen), Drachten (transferium Oost) en Grins (P en R Hoogkerk). NB In tal reizgers giet mei eigen ferfier nei Cuxhaven, boat 10.15 oere, katamaran 11.30 oere).

10.15 oere Mei fearboat fan Cuxhaven.

±13.00 Oankomst op Hilgelân (NB oerstappe op Börterboote wurdt, net mear dien).

Ynformaasjediske op de pier

Elts siket syn/har oernachtingsakkommodaasje

14.00 Offisjele ôftraap fan it 21<sup>ste</sup> Friesen-droapen op de pier.

Útjefte festivalbantsjes.

Ynterfrysk Liet.

Folge troch in speurtocht yn mingde teams.

18.00 Mienskiplik jûnsiten yn de Nordseehalle (wurdt oanbean).

19.00-20.45 Gesellich jûnsprogramma.

21.00 Noard-Fryske film 'Krug an der Wiedau' (mei Fryske ûndertiteling, 90 min.), yn de 'Kurmuchsel'.

### Sneon 21 maaie

10.00 oere Wittenskipstreffen, James Krüss Skoalle

11.15 Polityk Kafee

Parallele sesjes/repetysjes:

Muzyk Jam, yn it jeugdsintrum

Mienskiplik dûnsjen klaaiïngegroepen, mei meiwurking fan de

Fryske Dûnsers, yn de Nordseehalle

14.30 Ynterfryske muzyk, yn 'e "Kurmuchsel"

16.00 Bôrtebootwedstriid

19.00-20.45 Gesellich jûnsprogramma

21.00 Fryske film (titel n.n.t.b.) mei Dútske ûndertiteling, yn 'e "Kurmuchsel".

### Snein 22 maaie

10.00 oere Ynterfryske tsjerketsjinst

Oanslutend Optocht fan de tsjerke nei it gemeentehûs oan de Lung Wai.

Optreden folksdûnsgroepen

Ynterfrysk Liet, ôfskied


(13.00 Besletten gearkomste deistich bestjoer Ynterfryske Rie)

Elts soarget foar it eigen middeisiten (is ynkl. foar dyjinge dy't yn 'e jeugdherberch sitte).

Dêrnei noch in lêste kuier oer it eilân, of noch efkes nei *Düne*, lêste ynkeapen dwaan en wer op 'e tiid by de boaten wêze.

Fearboaten retoer:

16.15 Cuxhaven



Sneon 21 maaie wie op Hilgelân (Helgoland) de Dútske premjêre fan de Fryske aksjekomeedzje Stjer. It wie ien fan de programmaûnderdielen fan it 21ste Friesendroapen dat fan 20 oant en mei 22 maaie plakfûn. De Frysktalige bioskoopfilm fan de band De Hûnekop en regisseur Janko Krist is op 6 septimber 2021 útkaam en waard yn opdracht fan de Fryske Rie spesjaal foar dizze gelegenheid fan Dútske ûndertitels foarsjoen troch Geertrui Visser yn oparbeidzjen mei dr. Claas Riecken fan it Nordfriisk Instituut. It nije ynter-Fryske liet gie yn premjêre op Hilgelân, Baldrs Draumar waard spesjaal 'oerflein' om it 'live' nei foaren te bringen.

It parseberjocht:

Freedtejûn 20 maaie draait de film 'Der Krug an der Wiedau'. De earste Noardfryske film ea. In komyske misdiefilm yn fiif talen: it Noardfrysk, Suderjysk (Súd-Jutlânsk), Platdútsk, Deensk en Dútsk. Dy film is in koproduksje fan it Nordfriisk Teooter yn Husum en de Bund Deutsche Nordschleswiger fan de Dútsktalige minderheid yn Denemarken en regisearre troch Gary Funck. Begjin fan it jier is de film fan Fryske ûndertitels foarsjoen troch Geertrui Visser.

"Wy bin bûn, ferparte mar nea oerwûn..." sa begjint it nije Ynterfryske liet wêrfan't de tekst troch de dielnimmers fan in wurkwinkel wilens it Friesendroapen yn 2019 skreaun waard ûnder begeleiding fan de Fryske folkband Baldrs Draumar. It is no op muzyk set en dit Friesendroapen is Baldrs Draumar presint om it nije Ynterfryske Liet foar it earst life nei foaren te bringen. It doel fan it liet is om de ferbining tusken de Fryslannen te beklamjen en te fergrutsjen.

Oan it begjin fan de sechstiger jierren ûntstiene de earste oerwagingen foar in ynter-Fryske gearkomste foar alle leeftiidsgroepen. Yn 1962 wie it earste treffen op Hilgelân, dat om 'e trije jier East-, West- en Noard-Friezen yn de betide simmer foar trije dagen nei it offshore-eilân lûkt. 20-22 maaie 2022 is it wer safier. De organisaasje wikselet om 'e trije jier fan seksje en dit jier is de organisaasje yn hannen fan de Frache Rädj (Sektion Nord). De Fryske Rie is presint mei sa'n 60 dielnimmers, wêrûnder De Fryske Dûnsers.

Der wie in soad omtinken fan de parse foar it Friesendroapen 2022. Sa wie der in ferslachjouwer fan de Ljouwerter Krante mei, en in kamerateam fan Omrop Fryslân. It kamerateam makke reportaazje foar FryslânDOK en krige fan de makkers titel 'Is hjir noch wat te rêden?' mei.

Ût in oar parseberjocht fan de Fryske Rie:

Op it 'Friesen-droapen', dat eltse trije jier op it Dútske eilân Helgolân holden wurdt, komme Friezen byinoar út alle wynstreken: fan it Hollânske West-Friesland oant Nordfräschlönj oan de Deenske grins. De Fryske taal en kultuer stiet ûnder druk. 'Is hjir noch wat te rêden?' is dêrom de fraach fan FryslânDOK, dat op syk giet nei in nij Frysk ferhaal. Te sjen op 10 en 11 desimber by NPO2 en Omrop Fryslân.



# 24 fryslân



Eschi Waldemath bij haar huis op Helgoland. FOTO LC

## Op Helgoland spreekt geen kind nog Halunder

RICHARD DE BOER

**HELGOLAND** 'Ik snakke Halunder', staat op de sticker naast de voordeur van de 82-jarige Eschi Waldemath, die ook de Helgolandse vlag heeft uithangen. „Ik ben verankerd met het Halunder“, zegt de Helgolandse.

Dit weekend is Helgoland het podium voor het grote driejaarlijkse culturele treffen van Friezen uit Nederland en Duitsland, het zogeheten Friesendroapen. Maar van de 1300 inwoners van Helgoland beheersen er misschien nog maar zo'n honderd het Halunder, het Friese dialect dat van oudsher op het rots-eiland in de Noordzee wordt gesproken.

Waldemath maakte in 1945 als kind de evacuatie mee van de eilandbevolking naar het vasteland. Die moest zich uit de voeten maken voor een bombardement van het eiland – toen een marinsteeppunt van de nazi's – door de Britse luchtmacht. Pas in 1952 kon ze terugkeren naar het eiland. „Toen kon ik weer Halunder spreken en zo is het altijd gebleven“, zegt Waldemath.

Ook Piet Meinhardt, SPD-raadslid op het eiland, is met de taal thuis opgegroeid. „Als ik met een collega Halunder praat, heb ik het vaak niet eens door, omdat ik denk in die taal. Het gaat vanzelf. Dat merk je pas als anderen gek naar je staan te kijken.“

Het Friese dialect is overal op wegwijzers en straatnaambordjes zichtbaar, maar het aantal sprekers op het eiland neemt zienderogen af. Meinhardt – een zestiger – schat dat er van zijn naoorlogse generatie nog drie, hooguit vier goede sprekers van

het Halunder zijn. „In de tijd van mijn ouders en grootouders heeft de taal de gemeenschap bij elkaar gehouden. Maar de samenleving is veranderd. Men bedient nu de toeristen en praat Hoogduits.“

Hoe minder het werd gesproken, des te meer werd het onderzocht, vooral door de begin dit jaar overleden Zweedse frisist Nils Århammar. „Hy gie geregeldwei nei it eilân ta om mei sprekkers fan it Halunder te praten“, herinnert historicus Oebele Vries van de Fryske Akademy zich. „Dan kaam er entûsjast werom, want dan hie er wer nije wurden ûntdutsen. It wie in klap foar him doe't de bêste sprekker dy't er op it eilân hie, stoarm wie. As wie der in hiel belangryk argyf ferlern gien.“

De taal wordt sinds enkele jaren ook niet meer onderwezen op de basisschool op het eiland. De laatste taalonderwijzer ging na 35 jaar met pensioen. Een enquête van de James-Krüss-Schule wijst uit dat onder de huidige 77 leerlingen niemand meer Halunder spreekt. Welgeteld drie ouders en zestien grootouders van leerlingen spreken de taal.

„Ik probeer voortdurend Halunder terug in het onderwijs te krijgen, maar ze zeggen dat er ook moet worden gezongen en een gezond ontbijt moet worden gemaakt“, zegt Waldemath. „Maar ook gezond ontbijt kun je in het Halunder maken“, vult Meinhardt aan.

Directeur Marcus Tandeci van de basisschool toont zich welwillend. „De Helgolander cultuur is erg belangrijk voor ons. In de zomer zullen we met de gemeente en docenten kijken hoe we de taal weer kunnen aanbieden.“

# Friesendroapen zoekt meerwaarde

Een bont gezelschap van Nederlandse en Duitse Friezen meerde afgelopen weekend aan op Helgoland voor het traditionele Friesendroapen. Met welk doel? „Dat moeten we eerst zien te vinden, anders blijven we maar wat rondobberen.”

RICHARD DE BOER

‘Minsken, it moimentum is dêr om op te hâlden mei knibbeljen.’ Het is zaterdagavond en op het podium van de Nordseehalle op Helgoland staat Aant-Jelle Soepboer, de verkiezingswinnar en kersverse FNP-wethouder van Noardeast-Fryslân. „We wurde sa bot útknypt troch lânlike oerheden dat it echt tiid is om op te stean as regionale partijen.”

Hij wijst op het succes van de FNP in Friesland en het Südschleswische Wählerverband (SSW) in Sleeswijk-Holstein. „Praat de taal fan de minsken en wit wat der spilet, sadat alle Friezen sizze: fansels stim ik FNP of SSW. Dan winne wy noch in hiel soad ferkiezingen. En mei ferjonging en exposure komme der ek noch in soad Friesendroapens.”

Soepboer krijgt daverende bijval uit de zaal en na de vertaling van de Duitse tolk volgt er nogmaals applaus. Maar dan moet de politieke praat alweer plaats maken voor de talrijke Kleiderdrachtgroepen van de Friezen uit Duitsland. Die presenteren uitgebreid hun traditionele uitschminkingen en laten daarna nog eens gezamenlijk een paar volksdansen zien. Tot besluit van deze bonte zaterdagavond volgt een vertoning van de Friestalige actiekomedie *Sifer*, voorzien van Duitse ondertiteling.

Deze wat onsamenhangende aanschakeling van activiteiten kenmerkt het Friesendroapen op Helgoland. Dit culturele Friezentreffen wordt eens in de drie jaar wisselend georganiseerd door de Fryske Rie en de twee Duitse zusterlanden (die gedrieën weer de Ynterfryske Rie vormen). Afgelopen weekend trok het Friesendroapen bijna tweehonderd deelnemers uit Nederland en Duitsland naar het rotseland in de Noordzee.

Al sinds de allereerste editie op Helgoland in 1961 is het volksdansen in klederdracht een prominent onderdeel van het programma, dat ook stevast wordt afgesloten met een kerkdienst, een optocht en nog meer volksdansen op de zondag.


Waar de prominent aanwezige Noord-Friezen – jong en oud – nog zeer gehecht zijn aan hun folklore, zijn de skotsploegen uit Westeralauwers Friesland door de jaren heen flink uitgedund. Zondag gaf een



Skotsploech de Fryske Dúnsers zondagnmiddag op het raadhuisplein van Helgoland. FOTO'S LEON RICHARD DE BOER



Nelleke Jssennagger en Christoph Schmidt.



Helgoland.

twintigtal Fryske Dúnsers – waarvan de leden zijn samengesteld uit inmiddels opgeheven skotsploegen – een fraaie acte de présence op het raadhuisplein van Helgoland. De enige tegenslag was de gebroken pink van accordeoniste Jetske Anema, zodat de dansvoorstelling met de cd-speler moest worden begeleid.

De laatste paar edities heeft Soepboer met zijn folkmetalband Baldrs Draumar daarnaast voor de nodige muzikale vernieuwing gezorgd. De hand componeerde een 'Ynterfrysk liet' en trad ook dit jaar weer op met *sankjes* over een roemrucht Fries mythisch verleden.

Maar wat verbindt vandaag de dag de Nederlandse en de Duitse Friezen eigenlijk verder? Die hamvraag werd tijdens een politieke sessie op tafel gelegd door Thede Boysen, een vertegenwoordiger van de Noord-Friezen uit Flensburg. „De generatie voor ons heeft de gemeenschappelijkheid tussen Friezen ingezien”, zegt hij. „Men begon elkaar op te zoeken, nota bene al snel na de

## Praten, netwerken, volksdansen en nog meer volksdansen

Tweede Wereldoorlog. En we treffen elkaar nog steeds, maar hebben nauwelijks nog een gemeenschappelijk thema.”

Ondertussen pleit Ilse Johanna Christiansen van de Noord-Friese sectie voor het versterken van de Friesenrat, waarvoor dan bij de Duitse overheden subsidie moet worden losgepeuterd. In de Nederlandse sectie, de Fryske Rie, gaan al jaren stemmen op om met een 'Ynterfrysk parlemint' politieke eenheid over de landsgrenzen heen te smeden. Ook dat idee lijkt niet van de grond te komen.

„Er wordt telkens geroepen dat we meer structuren en meer geld nodig hebben, maar ik mis de inhoud”,

vindt Boysen. „Welke doelen hebben we als Friezen gemeen? Die moeten we eerst zien te vinden, anders blijven we maar wat rondobberen.”

Wetenschappers hebben in elk geval minder moeite om overeenkomsten op inhoud te vinden. Op het Friesendroapen werd dit jaar voor het eerst een *science slam* gehouden, waarin zij korte presentaties gaven over archeologisch onderzoek, literatuurstudies en muziekwetenschap. De *slam* was een idee uit de koker van Christoph Schmidt, sinds 2018 directeur van het Nordfriisk Instituut in Bredstedt.

Als archeoloog is hij gespecialiseerd in de Oudheid en de vroege middeleeuwen. „Dat is dezelfde periode als waar de nieuwe directeur van de Fryske Akademy zich in verdiept. Twee archeologen met hetzelfde zwaartepunt op dezelfde positie, dat is echt een toevalstreffer.”

De jonge directeurs van de twee onderzoeksinstituten voor Friese taal en geschiedenis ontmoeten el-

kaar op Helgoland voor het eerst in levenden lijve en zien al gelijk tal van kansen om de banden te versterken. „Onze instellingen bevinden zich elk in een ander uiteinde van het Friese Waddengebied en delen een dezelfde brede focus op taal, geschiedenis en archeologie”, zegt directeur Nelleke Jssennagger van de Fryske Akademy. „Als we onze kennis over de regio kunnen bundelen, dan valt daar wel een gezamenlijk verhaal van te maken.”

Schmidt noemt als voorbeeld de middeleeuwse traditie van de Friese rechtspraak. „Daarmee heeft de Fryske Akademy veel kennis opgebouwd, terwijl wij dat de laatste twintig jaar hebben laten liggen. Door samen te werken, vullen we de gaten op.”

Voor hen was het Friesendroapen een goed netwerkmoment, in de opmaat naar een nieuwe uitwisseling later dit jaar in september. Dan staat in Leeuwarden een grote internationale conferentie voor de Friestiek op de rol.

It nije wilens it Friesen-droapen live troch Baldrs Draumar presintearre Ynterfrysk Liet

### **Us Fryslân**

As in fûgel sa frij, as de wyn oer it lân  
Oer see, oer de heide, oer 't it wiuwende koarn  
Oer it grien fan de greiden, it wyt fan it sân  
Flean op, Friezen, frijfolk fan Fryslân

*Wy sjonge fan Fryslân, wy dûnsje derby,  
Fan it lân fan ús hert, dêr binne wy frij  
Ferbûn troch dit liet, besibbe yn siel  
Oersjongend de grinzen fan't Fryske gehiel*

Fan ús tongen rôlet in eat oare taal  
Mar ús herten fertelle itselde ferhaal  
Fan in folk dat libbet, dat nei inoar útskaait  
Salang as de wyn fan de wolken waait

Us herten bin' rom, ús kime is klear  
Wy skewiele inoar, mar tsjinje gjin hear  
Ljochtet de moarn, skrast wer de raaf  
Binne wy altyd en ivich leaver dea as slaaf

### **Uus Fräislound (interfräisk Lâid)**

As n Fugel so fräi, as de Wiend uur e  
Mäid Uur See,  
uur e Hede, uur Foan un uur Eed  
Uur et Gräin fon e Struke, uur et Wiet fon et  
Sound  
Aal sunt Brure, fräi Foulk fon Fräislound

Wie sjunge fon Fräislound, mä fuul Doanseräi  
Fon't Lound fon uus Haat, deer lieuwje wie fräi  
Ferbuund'n truch dit Lâid, sunt wie je Fründ  
Un sjung' uur do Skede fon't fräisene Biend

Ju Toal fon die een' fint die uur apaat  
Man wie drege dâtsälge Fertälster in't Haat  
Fon n Foulk, wät lieuw't in Gemeensoamkaid  
Soloange die Wiend fon e Wulken wait

As Brure sunt wie, uus Lound is ächt  
Wie hâlpje enuur, man sunt nemens Knächt  
Ljuchtet die Mäid'n, ropt wier die Roaw'  
Sunt wie altied un eewich ljauer dood as  
Sloaf

### **Üüs Fraschlönj (interfriiske Sung)**

As en föögel sü fri, as di win önj e feen  
Di wait döör e hääre foon min Annemaleen  
Ouer t gräin foon e kuuge, et wit foon e sönj  
Vivat huuch, Frasche, önjt fri fiderlönj

We doonse, we schunge, foon Fraschlönj stäis  
wi  
Foon et lönj foon üüs hart, deer laawe we fri  
Åål iinj döör ån sung - ån frün' önj e siil  
Sü mååge we üüs lönj tu iinj friisk gehiil

Önj üüs spräke as wilems n batje ferschääl  
Duch üüs harte ferteele mân bloot dâtheer tääl  
Foon en följ, dât wåkst ån dât grait ån dât  
blait  
Sü lung as e win foon e wulkene wait

Üüs harte san rüm, üüs kining as kläär  
We häåwe niinj knächte, niinj hiire sügåår  
Uler en kining, uler en groow  
We bliwe åltens ån eewi liiwer düüdj as sloow

- ❖ De reguliere útwiksels; meetings fan de beropsgroepen dy't yn de Fryske Rie fertsjintwurdige binne, ôfwikseljend yn ien fan de trije Fryslannen.
- ❖ Alle jierren op 'trede pinksterdei' fynt yn Rahe, by Auwerk/Auerk (Aurich) in gearkomsteplak fan de Fryske frijheid, sa't dy fan âlds bestien hat, by de *Opstalsbeam*. Út de Fryske Rie wei binne dêr ek fertsjintwurdigers by oanwêzich.

In delegaasje fan 'e Jongfryske Mienskip hie betocht om de 7e juny mei in busfol Friezen nei de Upstalsbeam ôf te reizgjen. Dat is slagge, dielnimmers, mei in delegaasje fan de Fryske Rei, wennen ûndersteand programma by. Elk fûn it nijsgjirrich, der binne moaie kontakten lein en it doel is yn 2023 wer byin foar te kommen.



- 12:00 oere Ôfreis, ferskate opstap plakken
- 15:00 Oankomst Auwerk, dêr't frije tiid en romte is om (mei-inoar) te iten en te drinken, en Auwerk te besjen.
- 17:30 Yn 'e bus nei de Upstalsbeam
- 18:00 Gearkomste by de Upstalsbeam mei sprekkers en muzyk
- 19:30 Neisit yn 'in Kneipe', mei gelegenheid ta útwiksel oer identiteit, takomst en ferbining
- 22:00 Yn 'e bus op hûs oan

### **b. Reguliere útwiksels**

De jierlikse meetings jouwe by útstek mooglikheden om mei minsken fan bûten ús provinsje yn kontakt te kommen en ek oaren priuwe te litten oan ús Fryslân en ús Fryske taal. It is dan ek dúdlik dat wy mei dy aktiviteiten bydrage oan de doelstellings fan de provinsjale beliedsnota 'Grinzen oer', te witten it styppen fan de Fryske taal en kultuer.

### *Frouljusmoeting*

Ferslach Frouljusmoeting 2022, fan 13 oant en mei 16 septimber, Westerlauwersk Fryslân

It programma mei begrutting dêrfoar wie gearstald troch Akkie Lindeboom-Jager, út it



bestjoer fan de Fryske Rie wei, yn 'e mande mei Mettje Leijenaar en Jantsje Kalsbeek, beide út de "Vrouwen van Nu" wei.

Tiisdeitemiddeis kamen fan ferskate kanten de froulju oan by groepsakkommodaasje Kleastermar yn Eastermar:

út Sektion Ost wei wie dat: Geziena Scholtalbers;

út Sektion Nord wei: Petra Bock, Telse Nommensen, Gerda Kolk, Eleonore Jappsen en Gudrun Fuchs (Friesenrat);

út Ludwischshafen wei kaam Gabriele Dobmeier;

út Westerlauwersk Fryslân: Mettje Leijenaar, Saapke Miedema (bestjoer Fryske Rie) en Akkie Lindeboom.

Mei in hapke en in sûpke kamen wy wat mei-inoar yn 'e kunde folge troch it jûnsiten, dat hiel goed fersoarge waard troch Roos, de eigneresse fan Kleastermar.

Lolke Folkertsma iepene út namme fan de Fryske Rie it jûnsprogramma. Hy kundige boargemaster Gebben fan gemeente Tytsjerksteradiel oan, dy't it selskip wolkom hjitte. Hy fertelde nijsgjirrige saken oer syn gemeente. Dêrby wiene ek oanwêzich Gelkje Schotanus, út namme fan it bestjoer fan de Fryske Rie en as gasten: Reinier van Joolen, Dukke van der Ende en Jorinde Jsseldijk.

Nei in noflike gearsit, dêr't rom gelegenheid wie om neier mei-inoar yn 'e kunde te kommen, en wat wat te iten en te drinken socht elts har keamer op.

Woansdeitemoarn wie elts moai op é tiid oanwêzich foar it moarnsbrochje. Dat wie ek wer tige goed fersoarge troch Roos. Likernôch 9.30 oere reizgen de froulju ôf nei Beetstersweach. Dêr stiene Gelkje Schotanus en Jetske Anema ús al op te wachtsjen by it gemeentehûs.

It selskip waar dêr ûntfongen en wolkom hjitten troch wethâlder Rob Jonkman (foto). Hy fertelde, yn kreas taret Dútsk, oer de gemeente Opsterlân.

Under it geniet fan in pear bakjes kofje mei oranjekoeke ha wy noch in skoftke neisitten yn de riedseal sitten (de boargemaster hie ús wolkom hjitte sillen, mar sy wie dizze dei foar it lêst en naam die dei ôfskie fan har gemeente). Troch in fotograaf is it selskip op de foto setten foar de hal fan it gemeentehûs foar de krante SA!



Rinnend troch de Haadstrjitte en ek noch efkes in sûvenirwinkeltsje besocht te hawwen, binne wy nei De Buorskip gien. Dêr koene wy genietsje fan in hearlike lunsj. In sjoernaliste fan de earderneamde krante SA! wie dêr ek, en sy ynterviewde meardere froulje fan de groep.

Middeis waarden wy meinaam troch 2 entûsjaste gidzen om in kuier te meitsjen by nijsgjirrige gebouwen yn en om De Sweach. Der wie hiel wat te fertellen oer de rike histoarje fan it doarp.

Nei de kuier kamen wy by de Tropyske Kassen. Earst efkes noflik sitte mei in bakje tee as kofje. Dêrnei in rûnlieding troch de kassen. Ien fan de rûnliedsters har heit hie dêr jierrenlang wurke, dus foar har wie it ek eltse kear wer aardich om oer de Tropyske Kassen fertelle te kinnen.

Rinnend troch De Sweach wer werom nei de auto's en wer op nei Eastermar.

Dêr stie al in dampend stampottebuffet ree. Dat gong der goed yn nei sa'n lange dei.

Jûns kaam Japik de Jong mei in histoarysk ynsjoch oer it doarp Eastermar. Hy hie syn

ferhaal útprinte mei kaarten fan de omjouwing derby, elts krige dy mei. Foar wa't der ferlet

fan hie, fersoarge Reinier van Joolen de Dútske oersetting fan De Jong syn ynlieding. Ferdivedaasje wie der troch Oebele Wagenaar mei in muzikale bydrage op keyboard en akkordeon.

Al mei al in noflike en gesellige jûn, ôfsletten mei in hapke en sûpke.

Doe op bêd, hoopjend dat der net wer ien út bêd rûgelje soe, lykas de nacht dêrfoar.

Tongersdeitemoarn earst mar wer op 'e tiid oan in moarnsbrochje. Dêrnei nei it Skûtsjemuseum yn Earnewâld. Dêr stiene de folgjende froulju al op ús te wachtsjen: Katharina Dolberg en Sonja Pahl fan sektion Ost; en Aeltsje de Groot, Jantsje Kalsbeek, Griet Buitenveld, Baukje Bosscha en Wieke de Meer. Foar inkelde froulju wie it in wersjen fan âlde kunde.

Earst mar wer oan de kofje mei oranjekoeke en dêrnei mei belutsen rûnlieders troch it museum. Earst by de smid del dêr't de âlderwetske rook fan koal hong. Alle nijsgjirrige eigenaardichheden oer it skûtsjesilen waarden út de doeken dien. Der koene ek wat dinkjes kocht wurde. Yntiid wiene Jeltsje van de Mei en Saapke Miedema ek fan de partij.

Doe nei de Marprinses, de rûnfearboat lei al op ús te wachtsjen. De froulju ha fan it wetter ôf genietsje kinnen fan ús moaie Fryslân. Op in reinbuike nei ha wy meielkoar wer in moaie middei belibbe. Oan board waarden wy noch foarrsjoen fan in ienfâldige (mar goeie) lunsj. Nei it farren wie it wer tiid om werom te gean nei Eastermar. Mei in flaubyt en wat te drinken derby waard der wachte op it Sineeske buffet. Dat moast út Drachten helle wurde. Sa as wenst wie der mear as genôch en de froulju ha der lekker fan iten.

De jûns kaam it koar de Voortvarende Vrouwen út Rottefalle om de froulje in gesellige en muzikale jûn te besoargjen. Der waard sels ien fan ús Dútske gasten by ynskeakele. Oan de ein fan de jûn ha wy noch efkes noflik mei-inoar sitten.

Út entûsjasje waard it koar sels al nûge om oer 2 jier ek mei te kommen nei de frouljusmoeting yn Sektion East. Sekton East is dan oan bar om de Frouljusmoeting te organisearjen.

Ta beslút waard de frouljusmoeting, sa as wenst, offisjeel ôfsletten, mei moaie wurden foar de organisaasje en it útwikseljen fan presintsjes.

De froulju du't allinne dizze dei mei wiene, giene foldien en tefreden wer nei hûs werom en de groep woe doe ek wol op bêd.

Freedtemoarns wie it lêste moarnsbrochje. Elts joech oan dat de wize fan organisearjen harren tige goed foldien hie. Net mear by minsken thús sliepe, mar as groep mear byelkoar belutsen wêze. De froulju dy't mei de trein moasten, waarden kreas op op 'e tiid nei stasjon Hurdegaryp brocht. Gudrun gie mei Saapke werom, sy giene dy middeis nei de Akademy-dei yn it WTC yn Ljouwert en de oare deis nei it Ynterfrysk Kongres yn Dokkum. As ôfsluting ha wy mei de lêste froulju en Roos noch in noflik bakje kofje dronken.

Ik tink dat wy weromsjen kinne op in tige slagge Frouljusmoeting, al hiene wy graach sjoen dat der wat mear dielnimsters west hiene.



Akkie Lindeboom-Jager

WAAR HET OM GAAT



V.l.n.r.: Akkie Lindeboom, Saapke Miedema en Baukje Bosscha van de Fryske Rie. FOTO MARCHJE ANDRINGA

## Een interfrieses onderonsje

Friesland strekt verder dan de provincie tussen de Lauwers en het Vlie. Om dat te koesteren, komen deze week weer zo'n dertig vrouwen samen uit de 'drie Frieslanden'.

**G**een Fries, geen Nederlands, maar Duits. Dat is vanaf dinsdag de voornaamlijkse vertaal in groepsverblijf Kleastermar in Eastermar, dat tot en met vrijdag het gastdorp is van de terugkerende Ynterfryske Froulusmoeting.

De gasten zelf komen uit eigen provincie en van over de grens. De één spreekt 'ons' Fries, de ander *Nordfriesisch* of juist *Ostfriesisch*. Of beter gezegd: *ostfriesisches Platt*, want écht Fries spreken ze in Leer en omstreken niet meer (behalve dan weer verderop, in Saterland). „Us Fryske kinne se net ferstean”, vertelt Baukje Bosscha (84), die de bijeenkomst vanaf 1992 zo'n 15 jaar organiseerde. Van die taalkloof worden de ontstane vriendschappen niet minder hecht. „En mei âld en nij krij ik noch altyd kaartsjes yn it Dútsk.”

Het idee voor het vrouwen treffen ontstond medio jaren tachtig. De Fryske Rie organiseerde toen al jaren een boeremoeting. Maar moest er niet ook iets voor vrouwen komen? „It wie foar froulju dy't foarútsjirrend wiene, dy't wat oars woene. Dy't ris de grins oer woene.”

Sindsdien vindt om de twee jaar in derde week van september de Ynterfryske Froulusmoeting plaats. Het voorzitterschap rouleert. In 2020 was de beurt aan 'noord', met als gastdorp het Duitse Breklum, maar toen lieten de Friezen van hier wegens corona verstek gaan.

Nu de pandemie voorbij is loopt

de organisatie weer tegen andere problemen aan. „De measte dielnimmers binne op leeftiid”, weet Akkie Lindeboom (76), onder meer coördinator voor de afdeling Rottevalle bij vrouwenvereniging Vrouwen van Nu.

Daarom slapen de deelnemers, bijna allemaal zestigers en ouder, voor het eerst niet meer bij elkaar thuis, maar in het groepsverblijf. Voordelen heeft dat ook. „No hâlde we de groep ek in bytsje by-inoar. Ik wenje der flakby, mar ik sil der ek sliepe.”

De opkomst had hoger gekund, erkent Lindeboom. „Dat is in probleem dêr't alle froulusorganisaasjes tsjinoan rinne.” Deelnemers worden deels gewonnen via Vrouwen van Nu, „dat is de iennichste lanlike froulusferiening dy't hjir noch in provinsjale ôfdieling hat.”

Hoe dat kan? Spottend. „Froulusferieningen binne op stjerren nei dea, dêr komt it op del.” En of dat erg is? „Froulju sjogge dingen soms krekt efkes fan 'e oare kant. En it *old boys*-network is noch aardich yn stelling, hear.”

Ze vertelt over hoe vrouwenverenigingen eraan kunnen bijdragen dat vrouwen solidair zijn met elkaar. Dat ze elkaar een zetje geven om hogerop te komen, om een bepaalde functie juist wel aan te nemen. „Dat wurdt no wol mist.”

„De jengd hat wer oare dingen. De kontakten dy't wy fin de feriening opdolne, dogge se no op mei sporten en sa”, relativeert Bosscha. Lin-

**WAAR GAAT HET DEZE WEEK OM?**

Van 13 tot 16 september organiseert de Fryske Rie (niet te verwarren met de Ried fan de Fryske Beweging) weer de Ynterfryske Froulusmoeting, een ontmoeting voor Friese vrouwen uit Nederland en van over de grens.

**WAAR ZIJN WE?**

Friesland, of beter gezegd: Westlauwers Friesland.

**WAAROM MOET IK DIT WETEN?**

De culturele uitwisseling vindt één keer in de twee jaar plaats, telkens in een ander Friesland. Maar voor hoe lang nog?

**WAAR SPEELT DIT NOG MEER?**

Nordfriesland en Ostfriesland (inclusief Saterland). Samen met Friesland horen deze regio's tot een cultuurgebied dat ook wel de 'drie Frieslanden' wordt genoemd.

deboom: „Mar dat is wol oars.” Volgens haar maak je op een sportvereniging wel contacten, maar niet de netwerken die vrouwen nodig hebben om elkaar echt te steunen.

Hoe dan ook, een klein gezelschap of niet, de interfriesse ontmoeting trekt de belangstelling van ambassadeurs. Dinsdag komt burgemeester Jeroen Gebben van Tytsjerksteradiel langs, woensdag gaat de groep langs bij wethouder Rob Jonkman op het gemeentehuis van Opsterland.

Verder bestaat het programma uit rondleidingen, voordrachten, stamppotbuffetten en rijsttafels. Wie zin heeft, kan zaterdag aansluitend naar Dokkum voor het symposium van het Ynterfrysk Kongres van de Fryske Akademy, dat toevallig in dezelfde week plaatsvindt. Aankomende kan nog.

De 'drie Frieslanden' kunnen nog veel van elkaar leren, stelt Saapke Miedema (61). „De Noardfriezen meitsje soms gebrûk fan learmiddels dy't hjir opset binne.” De taal tegen de grens met Denemarken is met nog geen 10.000 sprekers betrekkelijk klein.

Andersom verwondert ze zich over de gelijke behandeling van alle dialecten daar. „Dêr komme je folders tsjin dy't oerset binne yn alle seis of sân talen. Dat soe ik hjir ek wol sjen wolle, sa'n folder mei Stellingwerfsk, Biltsk, Hylpers.”

Hoe ze betrokken raakte bij de Ynterfryske Froulusmoeting? „Wy hawwe ús eigen taal en kultuer, dêr

binne wy mei grutbrocht. Mar op in gegeven momint freegje je je ôf: hoe is it yn de oare Fryslannen?”

Als de bijeenkomst in Duitsland is, probeert ze altijd wat van de taal daar op te pikken. Zo weet ze dat je in Noord-Friesland blyven niet onderschrijft met vriendelijke groeten, maar „ma wanlike grôðtrise”.

Interessant is ook de drinkcultuur in Oost-Friesland, voegt Bosscha toe. „Dêr't wy oeral kofje skinke, meitsje sy dêr fan tee in hiele seremoanje.” Denk aan meerdere theestelletjes op tafel, een perfect wolkje melk in het kopje en krentewegge voor ermaast.

En dat je elkaar niet helemaal kunt verstaan, dat hebben Friezen onderling ook wel eens, zegt Lindeboom lachend. Ze vertelt dat ze ooit in de bus zat voor een ander uitstapje met de vrouwenvereniging en dat ze plots trek kreeg.

„It wie hast tolve oere en ik hie wol sin oan wat. Dus ik sei tsjin myn buorfrou: ik bin in bytsje ropsk. Doe seach se my oan as hie ik hiel wat raars sein. Se sei: 'Wy brûke ropsk allinnich foar de kij as se dekt wurde moatte.' No, dan bist bliid datst mei froulju ûnderelkoar bist.”

MELLE VELTMAN

# Ynternasjonale Fryske Froulju

Ut Westlauwers-, Nord- en Ost-Friesland kwamen vorige week Duitse en Nederlandse Friezinnen bij elkaar voor de Ynterfryske Frouljusmoeting. Tegenwoordig een gezellig vrouwenonderonsje voor contacten in de drie Frieslanden.

BY RENKE WOUDESTRA

**BEETSTERZWAAG** "Herzlich willkommen", schalt het door de hal van De Buorskip. Uitbater Bauke de Vries vertelt in rap Fries de functie van het dorpsheis en nodigt de vrouwen uit: "Ich will Sie mitnehmen nach das vorzimmer zum Lunch". Ze komen net terug van een bezoekje aan het gemeentehuis van Opsterland, waar ze zijn ontvangen door wethouder Rob Jonkman, Coördinator van de vrouwenontmoeting Akkie Lindeboom-Jager. "De wethouder hat útsein hoe't de gemeentarie by us wurket. Dat skynt wol in ferskil mei Dútslân te wizen. Hy wie goed taret en spruts yn 't Dútsk."

De Ynterfryske Frouljusmoeting wordt sinds 1984 om de twee jaar gehouden; dit jaar lag de organisatie in handen van ons Friesland, Akkie. "De moeting is ûntstien fanis de al langer bestaende Boeremoetingen. De froulju woenen ek wolris bûten de doar sjen. Dêrneist wie it nedich om as froulju it 'Ald boy's'-netwurk wat tjinjas te jaan." De opkomst van de frou-

ljusmoeting likt een knipog naar vervlogen tijden toen Friese vrouwen als onafhankelijk werden beschouwd; hun mannen waren op zee, zij stonden er alleen voor.

## Eikaar begripen

Vorige week dinsdag arriveerden vijf vrouwen uit Nord-Friesland (Helgoland tegen de grens van Denemarken) en twee uit Ost-Friesland en het Saterlân (vlak over de grens in Noord-Duitsland met steden als Leer en Aurich) in Eastermar, waar ze samen met de vijf Friezinnen uit Friesland vier dagen verblijven. Later in de week schoven nog twee dames uit Ost-aan. Op woensdag waren ze te gast in Opsterland voor een bezoek aan het gemeentehuis, een lunch in De Buorskip en een zondvinding door het dorp en de Tropische Kas. De opkomst had hoger gekund, zegt Akkie Lindeboom. "De froulju bin hast net mear organisearre yn us provinsje, dat makket it lestich om se te berikken." Voordeel van zo'n klein groepje is wel dat je dan snel contacten legt. Daarin speelt de Duitse



Op het gemeentehuis in Opsterland ontving wethouder Rob Jonkman de Fryske Froulju. FOTO: SJETIE DE BOER

voertaal eigenlijk geen rol. "It giet om de wijl elkoar te begripen." En de gemutlichkeit, vult Mettje Leijenaar aan.

Gemoedelijk is het zeker aan tafel, helemaal wanneer Bauke opsomt wat er op tafel komt: "Zuckerbrot typisch Friesisch, Frysian Tynjetaler Käse mit große Gaten, Nagel Käse." Ja die laatste, de nagelkaas hebben ze in Aurich ook, merkt iemand op. Gudrun Fuchs is

voor de tweede maal te gast in 'ons' Friesland. Ze komt uit Helgoland, Nord-Friesland. "Es gefalt mir gut." In Helgoland bestaan nog zeven actief gebruikte Friese dialecten, vertelt ze. "Die zijn bewaard gebleven omdat de taalgebieden door water werden omsloten. Er is nu zelfs een Helgolands woordenboek in de maak voor het meest gebruikte dialect. Maar problemen met de Friese taal blijven er toch. Het wordt steeds minder

gesproken en er zijn steeds minder onderwijzers voor." Het Ost-Fries is volledig uitgestorven, alleen in deelgebied Saterlân spreekt een klein deel van de bevolking nog het Saterfries. Plat-Fries is de meest gebruikte voertaal. Heeft de Ynterfryske Frouljusmoeting nog toekomst? Dat is aan de Fryske Rie, zegt Akkie. "Mar it is hiel goed dat der no oandacht foar is, dat der miskien wer wat mear froulju komme."

Figure 1 Omtinken foar de frouljusmoeting yn de Sa!

## c. Gearwurking

### It Europeesk buro foar Lytse Talen

De *Fryske Rie* is ien fan de ynstânsjes dy't in sit hat yn it *Europeesk Buro foar Lytse Talen* (EBLT), dat by *Mercator* yn de Fryske Akademy ûnderbrocht is. Út namme fan de Fryske Rie wennet Saapke Miedema de gearkomsten by.

### It FYK en Ried fan de Fryske Beweging

De *Fryske Rie* is stiper fan it FYK (jongereinferiening 'Frysk Ynternasjonaal Kontakt') en lid fan de *Ried fan de Fryske Beweging*. Ut namme fan de *Fryske Rie* hat Sytze T. Hiemstra in sit yn de Ried fan de Fryske Beweging en 1e plakferfanger is drs. Han Nijdam. Lykas oare Fryske organisaasje is de Ried fan de Fryske Beweging ek mei de Fryske Rie yn petear oer gearwurking en takomst. Yn 2023 wurdt der fierder praat.


### Kontakt mei de Provinsje Fryslân

Beliedsmiêwurker frou Posthumus-Kingma is út namme fan de Provinsje Fryslân de kontaktpersoan fan de Fryske Rie. Hja hat har ynset foar finansjele stipe foar Ynterfrysk Kongres.



### **DINGtiid**

Op sneon 5 novimber 2022 wie de earste DINGtiid-lêzing '30 jier Europeesk Hânfêst: driuwsân of dûnsflie?' Op 5 novimber wie it presys 30 jier lyn dat Nederlân it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden ûndertekene hat. In tal leden wiene út namme fan de Fryske Rie oanwêzich by dy drok besochte byienkomst yn de Koperen tuin yn Ljouwert. Nei de analyse fan bestjoerskundige Heinrich Winter (Fakulteit Rjochtsgeleardheid, Ryksuniversiteit Grins) oer takomstbestindigens Europeesk Hânfêst spruts ûndersiker en ûnderwiisexpert Albert Walsweer (Lektoraat Meartaligens & Skriftlike Taalbehearsking, NHL Stenden) oer de ûnderwiispraktyk. Hy gie neier yn op de wurking fan it Europeesk Hânfêst yn de ûnderwiispraktyk. Nei de plenêre diskusje Der wie romte foar it stellen fan fragen en by it oanslutende middeisiten koene kontakten oanhelle wurde, wie der romte foar diskusje en it oangean fan nije kontakten.



Heinrich Winter op de lêzing fan DINGtiid

© Auke Zeldenrust, Omrop Fryslân

### **Baldrs Draumar**

Baldrs Draumar is de Fryske band dy't yn 2019 meigie nei Hilgelân en dêr optredens fersoarge hat. De band fersoarge doe ek in wurkwinkel dêr't de tekst foar in nij ynter-Frysk liet út ûntstien is. De tekst is op muzyk set en Baldrs Draumar hat yn maaie 2022 it liet foar it earst hearre litten op Hilgelân.

### **d. Dielname oan (ynter-)Fryske aktiviteiten**

#### ***Biikebrennen***

Yn febrewaris koe de tradisjoneel troch Seksje Noard organisearre resepsje om it Biikebrennen hinne fysyk net trochgean. De organisaasje besleat in online seminar te hâlden. It wie in nijsgjirrich programma en tal fan Westerlauwerske Friezen heakken online oan.

It Biikebrennen (Dútsk), biikebrânen (Noard-Frysk) of Pers Aften (Deensk) is in tradisjoneel folksfeest yn Noard-Fryslân en yn Denemark. Op Sint Piter (21 febrewaris) wurde dan grutte brânsteapels (de *biike*) opsmitten. Elk doarp en in soad pleatsen en buorskippen hawwe harren eigen biike.

Oer de oarsprong fan it biikebrennen bestean ferskillende teoryen. Mei de biike soe de kommende maitiid ferwolkomme wurde. De striepoppe, dy't yn guon doarpen op de brânsteapel stiet, soe dan de winter foarstelle dy't troch de waarmte fertard wurdt. Der wurdt

ek wol tocht oan de biike as symboalyske fjoertoer, lichtwol as opfolger fan de primitive ljochtbeakens dy't yn de 17e en 18e iuw opsmiten waarden foar de seefarders en benammen de protten manlju dy't mei wiene op walfiskfeart. Dat soe de namme fan it feest 'beaken baarne' ferklearje.

*'Sitzung des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe'*

lenris yn it jier wurdt de saneamde **'Sitzung des Beratenden Ausschusses für Fragen der friesischen Volksgruppe'** holden. Yn 2017 wie de provinsje Fryslân ek útnûge; doe wiene deputearre Poepjes en beliedsamtner Riemersma derby. Sy hawwe doe oanbean dat ien fan de earstfolgende gearkomsten wol yn Ljouwert holden wurde koe. Dat is op dit stuit noch net realisearre.

Lykas yn 2020 wie de de Sitzung yn 2021 wer online. Arno Ulrichs fan Seksje East hat ús fertsjintwurdige.

*Europäische Straße der Friesen*

Der hawwe yn 2021 ferskate petearen west, sawol yn Fryslân as yn ynter-Frysk ferbân, oer hoe't de Strasse der Friesen, de ferbining oer sawol echte diken as troch taal en kultuer, ta stân komme kin. In ûndersyk troch de oplieding Toerisme fan de HBÛ yn Heide, Dútslân jûch mear fragen as antwurden en de konklúzje fan alle belutsenen wie dat der earst yn it eigen Fryslân praat wurde moat oer dy fragen. Nei 2022 sil der fierder oer praat wurde yn ynter-Frysk ferbân.

#### **e. Webstek en publisiteit**

De *Fryske Rie* en de *Ynterfryske Rie* kundigje harren meetings oan en dogge ferslach fan harren aktiviteiten op [www.fryskerie.frl](http://www.fryskerie.frl) It webstek van de Ynterfryske Rie is út 'e loft, der wurdt wurke oan in fernijd webstek, salang wurdt it nijs fan de Ynterfryske Rie publisearre op it webstek fan Seksje Noard ([www.friesenrat.de](http://www.friesenrat.de)).

Yn 2023 wol de Fryske Rie ek mei in fernijd webstek komme om mear ynfolling te jaan oan it produkt 'publisiteit' fan de provinsje.

## 5. Organisaasje

### a. It bestjoer

De gearstalling fan it algemien bestjoer fan de Fryske Rie is regele yn it karbrief.

Yn 2022 naam de Fryske Rie ôfskied fan Rob Jonkman, Jeltje van der Mei-Akkerman en Sytze Hiemstra. Wilens in gesellich ôfskiedsiterijke waard ôfskie fan harren naam, en ek noch fan Kerst Huisman en Pytsje de Graaf. Foarsitter Jan Dijkstra stie wiidweidich by elk syn/har ynset foar de Fryske en Ynterfryske Rie.



Dêrmei hat it bestjoer fan de Fryske Rie (tagelyk seksje West fan de Ynterfryske Rie) mei yngong fan 1 jannewaris 2023 de neikommende gearstalling:

- \* Jan Dijkstra, foarsitter, Deistich Bestjoer
- \* Saapke Miedema, sekretaris, Deistich Bestjoer
- \* Lolke Tj. Folkertsma, ponghâlder, Deistich Bestjoer
- \* Froukje de Jong-Krap, sekretaris Ynterfryske Rie
- \* Onno P. Falkena, media
- \* Ridzerd Hooijenga, Fryske tsjerken
- \* Teun de Jong (boeren)
- \* Akkie Lindeboom, Vrouwen van Nu
- \* Han Nijdam, Fryske Akademy
- \* Gelkje Schotanus, bedriuwslibben




Figure 2 Deistich Bestjoer Fryske Rie, v.l.n.r. Lolke Folkertsma, Saapke Miedema, Jan Dijkstra

It roaster fan ôfgean sjocht der as folget út:

<b>Beneamd:</b>		<b>Giet ôf:</b>
2018/2022	(sept.) Saapke Miedema	2023
2014/2018/2022	(des.) Gelkje Schotanus	2026
2015/2019/2022	(maaie) Lolke Folkertsma	2026
2019	(aug.) Han Nijdam	2023
2020	(jan.) Teun de Jong	2024
2020	(febr.) Froukje de Jong-Krap	2024
2021	(maaie) Onno P. Falkena	2025
2021	(jun) Ridzerd Hooijenga	2025
2021	(sept.) Akkie Lindeboom	2025

Ôfgeande leden binne daliks op 'en nij foar 4 jier te beneamen of werkiesber.

It webstek waard yn 2022 op 'e nij op frijwillige basis byholden troch Marja ten Bruggencate. Yn 2023 hopet de Fryske Rie in nije webstek realisearre te hawwe, dat troch de eigen leden beholden wurde kin.



Op 26 april 2022 waard Teunis Sjoerd (Teun) de Jong fan Sint Anne foar al syn frijwilligerswurk riddere yn de Orde van Oranje Nassau troch boargemaster Marga Waanders fan gemeente Waadhoeke.

## b. Gearkomsten

It bestjoer fan de *Fryske Rie* is yn 2022 5 kear gearkommen, nammentlik op 2 febrewaris, 6 april, 22 juny, 24 augustus en 4 novimber. Op 2 febrewaris wie dat in gearkomste fia Zoom, de oare gearkomsten wiene yn de biblioteek fan Dokkum (3x) en Frjentsjer (1x). It Deistich Bestjoer hat ek in tal kearen in online en fysike gearkomsten holden. en hat 1x fysyk byinoar west.

## 6. De Ynterfryske Rie

(IFR - Interfriesischer Rat): [www.interfriesischerrat.de](http://www.interfriesischerrat.de)

De *Ynterfryske Rie* (YFR) is de koepel dêr't alle trije Fryske Rieden lid fan binne. Se wurde yn dat ferbân oantsjut as de seksjes Noard, East en West.

It *algemien bestjoer* bestiet út alle leden fan de algemiene bestjoeren fan de trije Fryske Rieden. Dat betsjut dus dat alle leden fan de Fryske Rie dêryn sitte. Foarsitter fan juny 2021 ôf is Ilse Johanna Christiansen.

Burohâlder foar Seksje Noard is Frank Nickelsen. Neffens wenst wikselet it foarsitterskip en it skriuwerskip om 'e trije jier.

It *deistich bestjoer* (de 'Vorstand') bestiet út 2 leden fan eltse seksje. Foar East-Fryslân binne dat Dieter Baumann en Arno Ulrichs, foar Noard-Fryslân frou Ilse Johanna Christensen en frou Gudrun Fuchs. Yn 20221 hiene foar ús Fryslân Teun de Jong en Saapke Miedema in sit yn de *Vorstand*. Fan oktober 2022 naam Jan Dijkstra dy funksje fan Teun de Jong oer. It Deistich Bestjoer fan de Ynterfryske Rie hie yn 2022 in pear online-gearkomsten en op 14 novimber wie de miene gearkomste, de perioadiêk gearkomst fan it Algemien Bestjoer fan de Ynterfryske Rie ek online.



Foar 2019 wie it wenst dat de Vorstand inoar twaris yn 't jier yn Oyten trof. Bliken docht dat online-gearkomsten tige effisjint binne, dat besletten is tenei faker online-gearkomsten te hâlden, ôfwiksele mei gearkomsten op in sintraal plak of by Ynterfryske Rie-aktiviteiten.

De *Fryske Rie* hat twa susterorganisaasjes, dy't mei de Fryske Rie de *Ynterfryske Rie* foarmje. It binne:

### **Frasche Rädj Sektion Nord**

[www.friesenrat.de](http://www.friesenrat.de)

Frasche Rädj Sektion Nord

De seksje Noard wie yn 2022 sa gearstald:

\* Ilse Johanna Christiansen (fertsjintwurdichster fan de Friisk Foriining), foarsitter, lid Vorstand YFR;

- \* Heinrich Bahnsen (fertsjintwurdiger Nordfriesischer Verein), fise-foarsitter;
  - \* Ute Jessen, (fertsjintwurdichster fan de Friisk Foriining),
  - \* Eva Waltemath (fertsjintwurdichster fan de gemeente Hilgelân);
  - \* Gudrun Fuchs (fertsjintwurdichster fan de Nordfriesischer Verein), lid Vorstand YFR
  - \* Hans-Georg Hostrup, (fertsjintwurdiger Heimatbund Landschaft Eiderstedt);
  - \* Maren Jessen (fertsjintwurdiger fan de Nordfriesischer Verein / Sölring Foriining foarsitter),  
ponghâlder;
  - \* Jens Quedens (fertsjintwurdiger Öömring Ferian);
  - \* Charly Rickmers (fertsjintwurdiger fan de Nordfriesische Verein / Fering Ferian foarsitter)
  - \* Inken Völpel-Krohn (fertsjintwurdichster fan it Verein für das Nordfriesische Institut  
foarsitter);
  - \* Jürgen Ingwersen (fertsjintwurdichster fan de Sölring Foriining);
- sekretariaat: Frank Nickelsen (Geschäftsführer) en Anni Karnebogen (meiwurkster).

### **Freeske Raad/ Fräiske Râid Sektion Ost**

#### *Freeske Raad/ Fräiske Râid Sektion Ost*

#### *Gearstalling seksje East (Friesenrat) ein 2022:*

- \* Arno Ulrichs, foarsitter (fertsjintwurdiger fan it Friesische Forum), lid *Vorstand* YFR;
- \* Helmut Collmann, fise-foarsitter (fertsjintwurdiger fan de Ostfriesische Landschaft),  
lid Vorstand YFR;
- \* Volker Landig, ponghâlder (fertsjintwurdiger fan de Oldenburgische Landschaft en  
Jeverländer Altertums- und Heimatverein);
- \* Dr. Wolfgang Meiners, sekretaris (fertsjintwurdiger fan de Rüstringer Heimatbund);
- \* Peter Brauer (fertsjintwurdiger fan it Ostfriesisches Klootschießverbund);
- \* Gerhard Cordes (fertsjintwurdiger fan de Ostfriesische Landjugend);
- \* Uta Mansholt (fertsjintwurdichster fan de Ostfriesische Landfrauen);
- \* Dieter Osterndorff (fertsjintwurdiger fan de Landesstube des alten Landes Wursten);
- \* Georg Pahl (fertsjintwurdiger fan de Seelter Buund);
- \* Michael Tegge (fertsjintwurdiger fan de Verein Mittelalterlicher Friesenhof  
Cappel-Neufeld).

## 7. Jierrekken 2022 Stifting Fryske Rie



Lolke Folkertsma, ponghâlder

Steat fan baten en lêsten Fryske Rie oer 2022

Stifting Fryske Rie			
<b>Begjinsaldo</b> 1 jannewaris 2022	€ 7.864,95	<b>Utjeften</b>	
Hilgelânreis	€ 6.170,00	Hilgelânreis	€ 8.367,52
Frouljusmoeting	€ 2.358,45	Frouljusmoeting	€ 3.220,67
Ynterfrysk Kongres	€ 18.035,00	Ynterfrysk Kongres	€ 10.865,94
Bydrage Provinsje Fryslân 2020	€ 4.870,00	Bankkosten	€ 172,54
		Webstek	€ 244,20
Ynterne oerboeking	€ 200,00	Ferbliuw, reiskosten, represintaasje bestjoer	€ 1.211,42
		Lidmaatskippen	€ 386,15
		Frijwilligersfergoeding	€ 3.100,00
Mei-inoar	€ 31.633,45	Mei-inoar	€ 27.568,44
	+ € 4.065,01		
<b>BS - Begjinsaldo</b> 1 jannewaris 2022	€ 7.864,95		
Saldo jierrekken	<u>€ 4.065,01</u>		
<b>ES - Einsaldo</b> 31 desimber 2022	€ 11.929,96 *		
Sparrekken	€ 2.142,36		
Meiïnoar	€ 14.072,32		
*Konfoarm bankbeskieden			

De jierrekken is gearstald op basis fan it kasstelsel: ynkommende en útgeane bedraggen.

## Aktiviteiteplan Stifting Fryske Rie 2022

<b>Namme aktiviteit: Bestjoerlike kontakten</b>	
<b>Kontaktpersoan + kontaktbysûnderheden:</b>	Lolke Folkertsma, De Skâns 20, 9101 HR Dokkum, tel. 06 46 15 77 36, lolketjittefolkertsma@gmail.com
<b>Beskriuwing aktiviteit</b>	
<b>Omskriuwing fan de aktiviteit:</b>	<ul style="list-style-type: none"> <li>• Kommunikaasje mei it deistich bestjoer ("Vorstand") fan de Interfriesischer Rat e.V. (West-Frysk: Ynterfryske Rie, YFR). It bestjoer fan de stifting Fryske Rie (FR) foarmet de Sektion West fan de Interfriesische Rat. Twaris yn it jier of faker as nedich, wurdt in gearkomste holden fan de leden fan it deistich bestjoer fan de Ynterfryske Rie (ynklusyf technyske stipe troch in Geschäftsführer). De gearkomsten binne om en om fysyk en middels fideobeljen. Yn it jier 2022 is it doel ek om de kontakten ynhâldik en organisatoarysk fuort te sterkjen. Mear kontakt mei it WestFries Genootschap yn Hoorn ûnderstreket dat ek. Dêrta kinne wy ek in berop dwaan op ús twa frijwillichsters. In dieldde frijwilligersfergoeding stiet der foaroer.</li> <li>• Kosten foar it bywenjen fan de jierlikse miene gearkomste fan de leden fan de YFR. Ienris yn it jier is der in miene gearkomste fan alle leden fan de YFR. Yn 2022 fynt de miene gearkomste plak op Hilgelân.</li> <li>• De YFR wurdt op basis fan pariteit troch in kontribúsje fan de trije seksjes finansjeel yn stân holden.</li> <li>• De FR nimt diel oan de troch it Friesische Forum alle jierren organisearre betinking by de Upstalbeam by Rahe/Auwerk.</li> <li>• Besite oan de twajierlikse Westfriesland-dei yn Skagen.</li> <li>• De FR is lid fan de Nederlânske Kommisje fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen (NK EBLT). Dat betsjut dat dêr kosten foar makke wurde, û.o. reiskosten.</li> <li>• De FR is stiper fan en hâldt kontakten mei jongereinorganisaasje FYK. De kosten dêrfoar beheine har tot in lyts bedrach oan stipe.</li> <li>• De FR is lid fan de Ried fan de Fryske Beweging (RfFB). Dat ferget in jierlikse bydrage en reiskosten.</li> <li>• De FR organisearret it Ynterfrysk Kongres yn 2022 yn gearwurking mei de Fryske Academy.</li> <li>• De FR ûnderhâldt kontakten mei de Jongfryske Mienskip, in spesifike gearwurking is der (noch) net.</li> </ul> <p>Njonken it boppesteande, en yn oanfolling dêr op, wurde der kommunikaasjekosten makke foar post en e-post yn it ûnderling ferkear. Foar berêden fan de jildlike middels wurde der bankkosten makke.</p>
<b>Nei te stribjen kwantitative resultaten:</b>	Fersterking en ferbreiding fan it bestjoer fan de Fryske Rie sil benammen ek yn oerlis mei de provinsje stal jûn wurde moatte. Profesjonalisearring fan de organisaasjestruktuur fan de YFR yn de breedste sin fan it wurd is needsaak.
<b>Nei te strjibjen effekten</b>	In goed ferrin fan de miene gearkomsten en it ûnderhâlden fan ynterfryske kontakten mei foaromanmannen en -frouwen út de trije Fryslannen en Westfriesland. Koördinaasje fan aktiviteiten en oppakken fan nije inisjativen. Besprek



	<p>fan de (politike en ekonomyske) ûntjouwings yn de trije Fryslannen.</p> <p>Doel:</p> <p>(a) It befoarderjen en ûnderhâlden fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.</p> <p>(b) Troch ynternasjonale Europeeske kontakten de Fryske taal en oare kultuer en de minderheidsposysje fan de Friezen en fan harren taal oer de (Nederlânske) grins hinne bekend meitsje yn Europa en te ferlykjen mei dy fan oare – net Fryske- minderheden yn Europa.</p> <p>(c) Aktiviteiten rjochte op jongerein yn oare Europeeske minderheidsgebieten as dy fan de Friezen yn Dútslân om dy jongerein yn kontakt te bringen mei ús taal en oare kultuer en om fan dy jongerein ynspiraasje op te dwaan om by ús fierder te gean.</p> <p>Middel:</p> <p>(a) Tarieding fan miene gearkomsten. Ofstimming en regeljen fan de aktiviteiten yn de trije seksjes fan de YFR en tarieding fan jierlikse miene gearkomsten (sa'n 30 minsken).</p> <p>(b) Om dûbeling fan wurk foar te kommen, en út finansjele oerwagings, wurdt dit doel befoardere troch it aktive lidmaatskip fan it NK EBLT.</p> <p>(c) It FYK hat him njonken de Fryske Rie oprjochte en ûntwikkele ta in organisaasje dy't aktiviteiten ûndernimt foar minsken fan 15 oant 35 jier yn it ramt fan doelstelling (c). De Fryske Rie ûnderhâldt dêrom kontakten mei it FYK en stipet mei wêr't hja kin. Dûbeld wurk wurdt op dy manier tefoaren kommen.</p> <p>(d) Fierders hat de RfFB foar in part deselde doelstellings as de Fryske Rie. De Fryske Rie is dêrom, fanwegen de koördinaasje, lid fan de RfFB.</p>
<b>Effektemjitting (hoe wurdt it effekt metten)?</b>	Troch skriftlike evaluaasje en wat de organisaasjes b, c en d oanbelanget troch de provinsjale evaluaasjes fan dy subsidiearre ynstellings.
<b>Gearwurkingspartners:</b>	YFR, NK EBLT, FYK, RfFB, Westfries Genootschap, Fryske Akademy
<b>Wize fan publyksrjochte kommunikaasje:</b> <i>Foarbyld: brosjuere, webside, Facebook.</i>	By al de uterings fia hiemside en sosjale media, parseberjochten ensfh. wurdt yn it Frysk omtinken jûn oan de aktiviteiten en spesifyk beneamd dat dy mei troch stipe fan de Provinsje Fryslân stal krije kinne.
<b>Kosten en opbringsten:*</b>	Finansieringstabel, taheakke 2b jout in gearfetsjend oersjoch fan alle aktiviteiten
<b>Oare relevante punten</b>	Beliedsnota 'Nij Poadium' 2021-2024 Keunst & kultuer, taal & ûnderwiis en erguod yn Fryslân. De doelstellings dy't foar de Fryske Rie fan tapassing binne, lizze op it mêd fan taal, ambysjes 7A, 7B en 7C yn haadstik 5.

## Namme aktiviteit: Moetings

<b>Kontaktpersoan + kontaktbysûnderheden:</b>	Lolke Folkertsma, De Skâns 20, 9101 HR Dokkum, tel. 06 46 15 77 36, lolketjitefolkertsma@gmail.com
<b>Beskriuwing aktiviteit</b>	
<b>Omskriuwing fan de aktiviteit:</b>	<p>Organisaasje fan ynter-Fryske meetings yn Europa. Yn 2022 steande folgjende aktiviteiten op steapel:</p> <ol style="list-style-type: none"> <li>It trijierlikse ynter-Fryske kongres yn Fryslân (septimber)</li> <li>Besite oan de jierlikse betinking by de Upstalsbeam yn Auwerk (3e Pinksterdei)</li> <li>Besite oan de twajierlikse Westfrieslanddei yn Skagen, mei in eigen Frsyke Rie en Ynterfryske Rie-diske en of ien of mear wurkwinkels (hjerst)</li> <li>De twajierlike Frouljusmoeting, yn 2022 yn Fryslân (septimber).</li> <li>De ynter-Fryske kulturele manifestaasje op Hilgelân: it Friesen-droapen (maae)</li> </ol>
<b>Nei te stribjen kwantitative resultaten:</b>	<p>It fersterkjen en ûnderhâlden fan de bân tusken de ûnderskate Fryslannen.</p> <p>It útwikseljen fan ideeën ûnder mear op it mêd fan toerisme en polityk-bestjoerlike saken, kontakten lizze en ûnderhâlde, West-Friezen yn kontakt bringe mei Dútske Friezen en har taal en oare kultuer. Jongerein bewust meitsje fan de Fryske identiteit fan harsels en dy fan "bûtenlânske" Friezen. It troch de studinten sels ynfoljen fan – parten an - de meetings en it meitsjen fan skriftlike ferslaggen.</p> <p>Bekendmeitsjen fan Fryske kultuer yn Europa.</p>
<b>Neit te stribjen effekten</b>	<p>Doel:</p> <p>It ûntwikkeljen fan de Fryske kultuer yn de brede betsjutting mei help fan ynternasjonale kontakten en mei 't skeppen en ûntwikkeljen fan de middels dy't sokke kontakten mooglik meitsje;</p> <p>It bekend meitsjen yn oare Europeeske regio's fan de Fryske kultuer en it jaan fan meiwurking oan de presintaasje fan de kultuer fan oare Europeeske regio's yn de eigen provinsje;</p> <p>It stimulearjen fan de kulturele posysje fan Fryslân yn Europa mei it befoarderjen fan Fryske kulturele aktiviteiten yn oare Europeeske regio's;</p> <p>It befoarderjen fan in better begryp en freonskip tusken minsken, groepen en folken.</p> <p>It benammen befoarderjen fan de kontakten tusken de trije Fryslannen.</p> <p>De Fryske Rie is tige wiis dat it Ynterfrysk Kongres yn septimber 2022 gearwurkje sil mei en ûnderdiel wêze sil fan de Frisian Humanities Conference fan de Fryske Academy.</p> <p>Sa as by de bestjoerlike kontakten al oanjûn is, hat de Fryske Rie in goed kontakt mei de beliedsamtner fan de Provinsje Fryslân oangeande de organisaasje fan it kongres.</p> <p>De Fryske Rie giet tegearre mei Sektion Ost yn 'e pleit foar it oprjochtsjen fan in <i>ynter-Frysk</i> kultuerparlemint om de ûnderlinge, grinskrusende politike en bestjoerlijke gearwurking (op makronivo) te befoarderjen. In parlemint dat him û.o. rjochtsje moatte soe op it bepleitsjen of behertigjen fan mienskiplike belangen fan de trije Fryslannen, bgl. troch it ferrjochtsjen fan lobbyaktiviteiten yn wichtige haadstêden lykas Berlyn, De Haach en Brussel. Sa'n 'Opstalsbeam'-parlemint soe syn sit krije kinne yn Au[w]erk (bgl. yn it gebou fan de Ostfriesische Landschaft).</p> <p>It is ien fan de punten dy't de Fryske Rie op it aljemint brocht hat by de leden fan it advyskomitee foar it 'Ramtferdrach foar de Beskerming fan Nasjonale Minderheden' (te Ljouwert op 19 nov. 2018) fan de Ried fan Europa.</p> <p>b. Frouljusmoeting yn septimber 2022</p>

	<p>c. De kulturele Fryske manifestaasje op Hilgelân: Friesen-droapen yn maaie 2022.</p> <p>d. Besite oan de twajierlikse Westfrieslanddei yn Skagen, mei in eigen Fryske Rie en Ynterfryske Rie-diske en of ien of mear wurkwinkels.</p> <p>e. Besite oan de Fryske Tsjerkedei op De Jouwer, mei in eigen Fryske Rie en Ynterfryske Rie-diske (24 oktober)</p>
<b>Effektemjitting (hoe wurdt it effekt metten)?</b>	Yn it jierferslach, fia de eigen hiemside en yn de media wurdt omtinken jûn en frege foar de aktiviteiten.
<b>Gearwurkingspartners:</b>	Interfriesischer Rat e.V., Fryske Akademy, Vrouwen van Nu, en tal fan oare Fryske organisaasjes.
<b>Wize fan publyksrjochte kommunikaasje:</b> <i>Foarbyld: brosjure, webside, Facebook.</i>	By al de uterings fia de hiemside en parseberjochten, 21ste iuwske kommunikaasjemiddels (Facebook, Instagram, Twitter, Tiktok, ensfh.) wurdt yn it Frysk omtinken jûn oan de aktiviteiten en spesifyk beneamd dat dy mei troch stipe fan de provinsje Fryslân stal krije kinne.
<b>Kosten en opbringsten:*</b>	Finansieringstabel, taheakke 2b jout in gearfetsjend oersjoch fan alle aktiviteiten
<b>Oare relevante punten</b>	Beliedsnota 'Nij Poadium' 2021-2024 Keunst & kultuer, taal & ûnderwiis en erguod yn Fryslân. De doelstellings dy't foar de Fryske Rie fan tapassing binne, lizze op it mêd fan taal, ambysjes 7A, 7B en 7C yn haadstik 5.

<b>Namme aktiviteit: PUBLISITEIT</b>	
<b>Kontaktpersoan + kontaktbysûnderheden:</b>	Lolke Folkertsma, De Skâns 20, 9101 HR Dokkum, tel. 06 46 15 77 36, lolketjitefolkertsma@gmail.com
<b>Beskriuwing aktiviteit</b>	
<b>Omskriuwing fan de aktiviteit:</b>	Ûnderhâld hiemside, ynternet, struibrief, sosjale media en oare publisiteit.
<b>Nei te strjiben kwantitative resultaten:</b>	Fergrutsjen nammebekendheid fan de Fryske Rie en fan it draachflak foar it wurk fan de Fryske Rie. De Fryske Rie siket nei wegen om mear minsken en benammen jongere minsken te ynteressearjen foar syn idealen en wurksumheden. It trijejierlikse treffen op Hilgelân grypt de Fryske Rie oan om jongerein te berikken en sadwaande it draachflak te fergrutsjen. Dat is yn 2019 al aardich slagge. Maksimum mooglik tal dielnimmers oan meetings en manifestaasjes wurdt helle.
<b>Neit te strjiben effekten</b>	Tanimmende ynteresse fan West-Friezen yn it wurk fan de Fryske Rie.
<b>Effektemjitting (hoe wurdt it effekt metten)?</b>	Sifermjittich, ek oan de hân fan parse- en oare media-uterings.
<b>Gearwurkingspartners:</b>	Kommersje
<b>Wize fan publyksrjochte kommunikaasje:</b> <i>Foarbyld: brosjure, webside, Facebook.</i>	Foar alle aktiviteiten in eigen kommunikaasjeplan opstelle, wêrby't de 21ste-iuwske kommunikaasjemiddels njonken de wenstige kommunikaasjemiddels ek ynset wurde. Bygelyks: Facebook, Instagram, Twitter, Tiktok, ensfh.

<b>Kosten en opbringsten:*</b>	Finansieringstabel, taheakke 2b jout in gearfetsjend oersjoch fan alle aktiviteiten
<b>Oare relevante punten</b>	Beliedsnota 'Nij Poadium' 2021-2024 Keunst & kultuer, taal & ûnderwiis en erfgoed yn Fryslân. De doelstellings dy't foar de Fryske Rie fan tapassing binne, lizze op it mêd fan taal, ambysjes 7A, 7B en 7C yn haadstik 5.